



Fynplak tekst	Underwerp Yntsjinner	Besteande tekst	Feroaring	Underbouwing Yntsjinner	Advys program-kommisje	Advys oan Ledegearkomste
H2, 4e par, side 7, rigel 3:	Deameanen fan piken (Dorothea Deelstra)	H2, 4e par, side 7, rigel 3: It bewust of ûnbewust deameanen fan piken is in griis en moat strang straft wurde. Boeren soene by it tsjuster net mear de greide yn gean moatte om mei fûle lampen en grut ark te meanen.	It bewust of ûnbewust deameanen fan piken is in griis foar boer en boarger. Bewust deameane fan piken moat straft wurde. Boeren soene yn de greidefûgelgebieten net mear by it tsjuster meane moatte.	Sa't it der no stiet is hiel negatyf nei de boeren ta, benammen ek foar de boeren dy't der in soad oan dogge en dêrtoch in soad greidefûgels yn it lân ha. It is goed om in signaal ôf te jaan dat it gjin pas jowt om lân mei piken domwie alles der ôf te meanen. Mar ûnbewust kin dat sa in kear barre, sels as de fûgelwacht oanjûn hat dat der piken mear yn it lân sitte. Sa't it no yn de tekst stiet wurde krekt de boeren dy't der it meast oan dogge oanpakt. Boppedat is de tekst bot foaroardielbefêstigjend en populistysk. Dat heart net by FNP.	Akkoart.	Oernimme
Side 8, ekstra aksjepunt	Miljeuheffing op Keunstdong Marten van der Veen		Taheakje aksjepunt: Om it brûken fan keunstdong op fryske - nederlânske- en sa mooglik europeeske skaal werom te kringen pleitsje foar in fikse miljeuheffing op keunstdong.		Akkoart	Oernimme
Side 10 1 ^{ste} sin	Tekstferbettering Ynstigaasje Marten van der Veen	op ynstgaasje	Ferfange troch: Op útstellen		Akkoart.	Advys: posityf, oernimme.

Side 16 sin 13/14.	Grutte fan boere-ark Marten van der Veen	Fanwege de feiligens moatte wy der op ta dat it ark fan de boeren net noch grutter wurdt, mar besykje dat krekt te beheinen'	Fanwege de feiligens moatte wy der op ta dat it reau fan boeren, leanbedriuwen , ferfierders ensa net noch grutter wurdt, mar besykje dat te beheinen op nederlânsk- en leafst ek europeesk mêd.		Akkoart	Oernimme
Side 20 Aksjepunten	Lânskips- eleminten yn streekaginda' – Marten van der Veen		Oanfolje mei: Yn it belang fan it bioferskaat en kultuerhistoarje, moat behâldt en herstel fan de autentike lânskippen en lânskipseleminten in wichtich ûnderdiel útmeitsje fan de streekaginda's.		Akkoart	Oernimme
Side 20 Aksjepunten	Proeftún- projekt folks- húsfesting – Marten van der Veen		Oanfolje mei nij aksjepunt: Fryslân makket him sterk en smyt him op foar in proeftúnprojekt ' Folkshúsfesting Regionaal, Maatwurk op Skaal '		Akkoart	Oernimme
Side 22, r 21/22	REC – enezjy- wurkgroep en C. Jonkman	Der moat ûndersocht wurde oft de REC ticht kin.	Skrasse. Wy hawwe it prinsipe fan enezjy út ôffal nedich en de REC leveret op dit moment eins de grutste bydrage levert oan de duorsume enezjy.		Akkoart	Oernimme

Side 28 aksjepunten Fryslân bestjoert : punt 5	Kontakten oare regio's – Marten van der Veen	De kontakten en ferbannen mei de oare Fryslannen sterker oanhelje en benutte '	'De kontakten en ferbannen mei de oare Fryslannen en oare foar Fryslân wichtige (minderheids-) regio's yn Europa sterker oanhelje, opsette en benutte.		Akkoart.	Posityf advys, ynstimme.
Side 30 Belestingen. Sin 29	Net mear belestings betelje – Marten van der Veen	'Dus gjin ekstra belesting, netto gelikense lesten foar de minskjen'	Dus gjin ekstra belesting, leafst minder danwol op syn meast netto gelikense lesten foar de minskjen.		Akkoart.	Posityf – ynstimme.
paragraaf 7, side 24, regel 9	Sinneparken Baukje Miedema	parkearplakken oerdekke en al soksoartige mooglikheden. Allinnich op de grûn at dat it lânskip en de natuer net skeint.	Sinnepanielen earst op dakken, parkearplakken oerdekke en al soksoartige mooglikheden. Allinnich op de grûn as dat it lânskip net skeint.		Akkoart	Oernimme
paragraaf 7, side 22, regel 23	Gas en sâltwinning Baukje Miedema	gas- en sâltwinning	gas-, sâlt- en sânwinning		Akkoart	Oernimme
Side 10, regel 3	Baukje Miedema		De oanwêzige foarsjenings yn Fryslân moatte krekt fersterke wurde, tink oan toaniel, dûns of in Frysk filmplatoarm		Akkoart, is in ferdúdliking	Oernimme
Side 14, regel 8	Auke Swart		Oanfolje mei: Wegen moatte dudlike belijing krije mei in middenlijn		Akkoart	Oernimme

Side 3, regel 18	Baukje Miedema		<p>achter 'sûn en siik' tuskenfoegje: 'Friezen en nije Friezen'</p> <p>De nije sin wurdt dan: De FNP is in mienskipspartij. Foar it behâld fan de solidariteit moat begryp en respekt fan wjerskanten tusken earm en ryk, jong en âld, sûn en siik, Friezen en nije Friezen behâlden en fersterke wurde, dat nimmen oan de kant komt te stean.</p>		lens	Oernimme
Side 11,regel 8	Baukje Miedema		<p>Tafoegje achter de leste sin: Ek wurdt besocht ynternasjonale E-learning programma's lykas Babbel (online language learning) foar it Frysk te ynteressearjen. In tagonkelik en leuk middel om ús taal te learen foar de nije Friezen.</p>		lens	Oernimme

Side 16, regel 25	Baukje Miedema		Tafoegje nije tredde alinea Spoarferbinings yn Fryslân moatte behâlden bliuwe en leafst útboud. Lokale treinen binne fan grut belang foar it gewoane reizgjen mar se binne ek in grutte pree foar it fytsferkear. Fytsen meie nammentlik net yn de bus.		lens	Oernimme
Side 17,regel 19	Baukje Miedema		Tafoegje achter punt 8 Dit jildt ek foar de lokale spoarferbinings yn Fryslan		Akkoart	Oernimme
Side 18, regel 22	Baukje Miedema		De hiele tekst wurdt dan: Krimp fan de befolking, fergrizing en it ferhúzjen fan de jeugd nei de stêd is yn beskate regio's in gegeven. No't de wente merk oanlûkt sille doarpen en gemeenten mear mooglikheden krije moatte om 20 te bouwen neffens it ferlet. Der is ferlet fan wenten dy't in libben lang meikinne, of tydlike wenten foar jongerein of âlderein dy't soarch nedich hawwe. Yn dat ramt moat ek omtinken komme foar selsfoarsjennende 'Tiny houses' op tsjillen. Dy ha allinnich	Yn dat ramt moat ek omtinken komme foar selsfoarsjennende 'Tiny houses' op tsjillen. Dy ha allinnich ferlet fan in steanplak. Gemeentes moat dêr wol de romte ta biede. Sa'n steanplak hoecht net permanent te wêzen. Der is altiten wol ergens in hoekje dat noch in jier of langer leit te wachtsjen op bestemming. Der is ek ferlet fan	Akkoart	Oernimme

			ferlet fan in steanplak. Gemeentes moat dêr wol de romte ta biede. Sa'n steanplak hoecht net permanent te wêzen. Der is altiten wol ergens in hoekje dat noch in jier of langer leit te wachtsjen op bestemming. Der is ek ferlet fan betelbere huzen foar jongeren dy't bewust kieze om mei har gesin op de doarpen te wenjen.			
H7, 6e par, side 23, rigel 17:	Tekstuele ferbettering – Gabe Schaaf	H7, 6e par, side 23, rigel 17: ferbetterje de wetterkwaliteit ferbetterje en stypje it bioferskaat stypje.	ferbetterje de wetterkwaliteit en stypje it bioferskaat.		Akkoart	Oernimme
H2, 4e par, side 6, rigel 21:	Tekstuele ferbettering – Gabe Schaaf	H2, 4e par, side 6, rigel 21: it ferlechje wurde foar de needsaaklike omskeakeling fan ús lânbou as der op ta en om it dêr mar by te litten, mar moat de motor wurde fan dy needsaaklike feroaring.	it ferlechje wurde om fierder neat te dwaan, mar moat de motor wurde fan de needsaaklike omskeakeling fan ús lânbou.		Akkoart	Oernimme

H2, 1e par, side 6, rigel 4:	Tekstuele ferbettering lânbou– Gabe Schaaf	H2, 1e par, side 6, rigel 4: lânbou omfoarmje ta op in duorsume en yn balâns mei syn omjouwing wize fan buorkjen.	Lânbou omfoarmje nei in duorsume wize fan buorkjen, dy't yn balâns is mei syn omjouwing.		Akkoart	Oernimme
Paragraaf 5: Fryslan Wennet Side: 19 Rigelnûmer: 29	Husfesting Arbeidsmigranten - Ofdieling Waadhoeke (Sijbe Knol)	Paragraaf oer 'Krimp yn de regio'	Oanfolje mei: 'Tiidlike wurknimmers lizze yn guon doarpen beslach op betelbere wenten. Dit befoardert de leefberens net. De FNP wol dêrom meiwurkje oan kwalitatyf goede hûsfesting foar dizze doelgroep yn it bûtengebiet of by de wurkjouwer op it hiem'.		Program kommisje is hjir posityf oer, mar omt it nij elemint yn de diskusje is liket it us goed ta dat de leden hjiroer diskusjearje en ta in besluit komme.	Oardiel oan de leden.
Oare haadstikstruktuer	Ynhâld en ynlieding – Marten van der Veen		Ynhâld side 2 komt nei de Ynlieding as 2. Amendemint: 2. Fryslân bestjoert	Yntsjinner wol as earste haadstik 'Fryslân bestjoert' en dêrnei de oare haadstikken (âlde haadstikstruktuer oanhâlde).	Gjin prinsipiële beswieren. Programkommissje woe earst de ynhâldlike haadstikken en as leste bestjoer en finânsjes.	Oardiel oan de leden

Side 18 Fryslân wennet Krimp yn de regio	Kâns foar jongerein – Marten van der Veen		Oanfolje mei: Jongerein, dy't bewust kieze foar wenjen yn eigen doarp en omkriten moat by foarrang dêrta de kâns krije. Dit fereasket nije regeljouwing by tawizing fan sawol sosjale hier dan wol by beskikber en betelbere boukavels yn de doarpen.		Fraach is oft dit juridysk mooglik is. Is feitliken diskriminaasje op ôfkomst. Soe kinne as formulearring oanpast wurdt ta: Utsocht moat wurde oft jongerein, dy't bewust ensfh..	Oanpast oernimme As it net oanpast wurdt ôfwize
Side 5 Rigel 11	Wynturbines en lytse wynmûnen Ate Eijer, Remboud van Iddekinge, Yde van Kammen, Sicco Rypma	Gjin nije wynmûnen derby op it lân, de besteande opromje en oanstean op in mear duorsume enerzjy-opwekking dy't te'n goede komt oan minsk en miljeu. Wy wolle de ynternasjonale klimaatdoelstellingen helje, mar dan wol as Fryslân stjoer hâlde oer de wize werop, sûnder dat it te'n koste giet fan ús lânskip.	Gjin nije wynturbines derby op it lân, de besteande opromje en oanstean op in mear duorsume enerzjy-opwekking dy't te'n goede komt oan minsk en miljeu. Wy wolle de ynternasjonale klimaatdoelstellingen helje, mar dan wol as Fryslân stjoer hâlde oer de wize werop, sûnder dat it te'n koste giet fan ús lânskip. Ynstallaasjes foar it opwekken fan duorsume enerzjy yn alle mooglike foarmen op beboude erven yn it bûtengebied mei in maksimale hichte fan 15 meter binne tastien.	<p>Taljochting by alle 4 amendeminten:</p> <p>Kaders</p> <ol style="list-style-type: none"> Ynstallaasjes - foar it opwekken fan duorsume enerzjy - fan maksimaal 15 meter op beboude erven yn it bûtengebied tastean. Gjin ynstallaasjes midden yn e wide wrâld dus by bebouwing en op it hiem, as ôfbakening. Betinksten stelle oan de útfiering, sa as Nije Pleats Metoade : Yn ien kear goed. <p>Taljochting</p> <ol style="list-style-type: none"> Slút oan by Kearnwearde 6. Fryslân duorsum - Enerzjy: alternativen foar wynturbines – romte foar lokale mienskip, lânskip en leefomjouwing – kringloop by oare grûnstoffen – sún wetter en droege fuotten – wetterbehear kritysk hifkje – feangreide en maatskiplike kosten Sa'n ynstallaasje is <ul style="list-style-type: none"> maatskiplik ferantwurde in goede oanfolging op besteande ynstallaasjes sa as sinnepanielen op dakken <p>in kâns foar lokale enerzjy koöperaasjes</p>	Yn striid mei besteande útgongspunten FNP: 'Gjin nije wynmûnen op de fêstewâl'. Neffens enerzjygroep ekstra mearwearde yn termen fan enerzjy net grut. Oantaasting lânskip. Fraach: wurde ek noch oare ynstallaasjes as Lytse wynmûnen' tastien? Tekst jout	Untriede,

					no romte foar alternativen · Needsaak om dúdlik nei de kiezer ta te bliuwen as it om wynmûnen giet, net skowe.	
Side 18 Rigel 10	Opromjen wynmûnen yn relaasje ta lytse wynmûnen Ate Eijer, Remboud van Iddekinge, Yde van Kammen, Sicco Rypma	Fanwege de grutte oanslach op it lânskip is de FNP foar it opromjen fan de solitêre wynturbines en wol perfoarst gjin nije wynturbines op lân hawwe.	Taheakje: Ynstallaasjes foar it opwekken fan duorsume enerzjy yn alle mooglike foarmen op beboude erven yn it bûtengebiet mei in maksimale hichte fan 15 meter binne tastien.	Sjoch eardere taljochting hjirboppe.	Dit komt sa oer of wurdt de besteande tekst ôfswakke fanwegen lytse wynmûnen. Dat is net akseptabel. As de leden de tekst al akseptearje soenen, soe dy ek mar 1x yn de tekst in plakje hawwe moatte en net hjir, dat wurket tige betiizjend.	Perfoarst ôfwize.

Side 20 rigel 1.	<p>Lytse wynmûnen yn relaasje ta wynturbinefrij Fryslân</p> <p>Ate Eijer, Remboud van Iddekinge, Yde van Kammen, Sicco Rypma</p>	<p>Gjin nije wynturbines op lân, besteande wynturbines opromje en stribje nei in wynturbinefrij Fryslân</p>	<p>Taheakje: Ynstallaasjes foar it opwekken fan duorsume enerzjy op beboude erven yn it bûtengebiet mei in maksimale hichte fan 15 meter binne tastien.</p>	Sjoch eardere taljochting hjirboppe.	<p>Net akkoart. Yn striid mei besteande útgongspunt en FNP.</p> <p>As de leden de tekst al akseptearje soenen, soe dy ek mar 1x yn de tekst in plakje hawwe moatte en net hjir, dat wurket tige betiizjend.</p>	Perfoarst ôfwize.
Side 21 Rigel 24	<p>Lytse wynmûnen yn relaasje ta ôfspraken.</p> <p>Ate Eijer, Remboud van Iddekinge, Yde van Kammen, Sicco Rypma</p>	<p>Dêrom gjin ekstra wyn op lân boppe de 530,5MW dy't ôfpraat is foar wynenerzjy mei Den Haag.</p> <p>Dat jildt foar alle foarmen.</p>	<p>Taheakje: Ynstallaasjes foar it opwekken fan duorsume enerzjy yn alle mooglike foarmen op beboude erven yn it bûtengebiet mei in maksimale hichte fan 15 meter binne tastien.</p>	Sjoch eardere taljochting hjirboppe.	<p>Yn striid mei besteande útgongspunten FNP: 'Gjin nije wynmûnen op de fêstewâl'.</p>	Perfoarst ôfwize.
Side 24 Rigel 11	<p>Lytse wynmûnen yn relaasje ta 530,5 MW as maksimum</p> <p>Ate Eijer, Remboud van Iddekinge, Yde van Kammen, Sicco Rypma</p>	<p>530,5 MW is en bliuwt it absolute maksimum foar Fryslân as it giet om it opsteld fermogen oan wynenerzjy.</p>	<p>Taheakje: Ynstallaasjes foar it opwekken fan duorsume enerzjy op beboude erven yn it bûtengebiet mei in maksimale hichte fan 15 meter binne tastien.</p>	Sjoch eardere taljochting hjirboppe.	<p>Perfoarst ûntriede. It taheakjen fan dizze tekst soe betsjutte kinne dat de FNP mear as 530,5 MW</p>	Mei klam ûntret.

					akseptearr et. Dan gliidzje ús útgongspunten.	
H2, 1e par, side 6 rigel 6 en side 8 rigel 4:	Ferdwinen fan yntinsive feehâlderij út Fryslân (Dorothea Deelstra)	De yntinsive feehâlderij moat út Fryslân ferdwine.	De yntinsive feehâlderij (benammen barga en hinnen) moat yn Fryslân net fierder útwreidzje en allinnich romte krije foar omskeakeling nei bistefreonlike of biologyske bedriuwsfiering.	It bestimpeljen fan in hiele sektor as net winske en in “oprotheleid” ynstelle docht gjin rjocht oan de gesinsbedriuwen dy’t dêr jierenlang op in earlike wize harren brea mei fertsjinne hawwe. Sa’t it der no stiet is ek fierstente algemien: - yn Fryslân binne yn ferhâlding krekt in soad biologyske hinnebedriuwen en slachtpikestâlen by bouboeren. Dy steane op plakken dêr’t gjinien der lêst fa hat, se ha genoch lân foar de eigen stront en ferboue in part fan it hinnefoer sels op eigen lân. Dat hoecht doch net te ferdwinen? - yntinsive feehâlderij is in breed begrip: binne dat ek melkfeebedriuwen mei hege feebesetting, of biologyske geitebedriuwen, of in skieppebedriuw mei hast gjin eigen grûn mar wol in soad wiedzjen op natoerlân en diken? Moatte dy ek allegearre mar fuort? - hinne- en bargebedriuwen dy’t ynfestearje wolle yn ferbettering fan it bistewolwêzen of omskeakeling nei biologyske bedriuwsfiering moatte dêrfoar wol de romte krije.	Yntinsive feehâlderij mei op dit stuit him net nij fêstigje yn Fryslân. Bestearde bedriuwen meie útwreidzje as dat bettter is foar bist en miljeu. Minsken hawwe argewaasje en sûnensklachten fanwegen dizze bedriuwen	Ofwize
H2, 1e par, side 6, rigel 8:	Oer ferheging wetterpeil (Gabe Schaaf)	De wetterpeilen moatte stadich foarsk omheech brocht wurde om CO2 te besparjen en ús greidefûgels te heinen.	Yn de greidefûgelgebieten hegere wetterpeilen tapasse om ús greidefûgels te heinen.	Sa’t it der no stiet is it faaks net bedoeld. Ten earsten jildet it argumint fan CO2-besparring allinnich yn de feangreidegebieten en heart dan ek yn dy paragraaf thús. Ten twadde binne hegere peilen wol in goed middel om de greidefûgels te heinen, mar dat hat allinnich mar sin yn de gebieten dêr’t ek greidefûgels sitte. Der binne sptigernôch ek grutte gebieten yn Fryslân dy’t net oanwiist binne as “weidevogelzoekgebiet” omdat dêr hast gjin fûgels sitte. Dan treft in peilferheging gjin doel, mar kostet wol opbringst en ekstra kosten.	Ek op plakken der’t no gjin greidfugels mear sitte kin dizze faaks wol weromkomme. Hegere wetterpeil en helpe der by.	Ofwize.

<p>H2, 1e par, side 6, rigel 9</p> <p>En H2, side 8, rigel 4:</p> <p>En H7, 7e par, side 23, rigel 36:</p>	<p>Oer Maisbou (Gabe Schaaf)</p>	<p>H2, 1e par, side 6, rigel 9:</p> <p>Der moat gjin mais mear yn de feangreide ferboud kinne wurde, dat belestet it miljeu tefolle.</p> <p>En H2, side 8, rigel 4:</p> <p>Gjin maisbou mear yn de feangreide en gjin keunstdong mear.</p> <p>En H7, 7e par, side 23, rigel 36:</p> <p>De tylt fan mais op feangrûn moat ferbean wurde</p>	<p>Yn de feangreide allinnich maisbou tastean sûnder grûnbewurking.</p>	<p>Domwei ferbiede fan maistylt jowt gjin pas en is in teken fan in ûnbetroubere oerheid. Noch net sa lang ferlyn waarden boeren troch it ryk en provinsje en foarljochting krekt stimulearre om mear mais te ferbouen, omdat it better is foar de ammoniakemissie, kringloopwurkjen en sûnens fan de bisten. Yn de feangreide gebieten rinne no meardere proeven om te sjen hoe't je mais ferboue kinne sûnder grûnbewurking om dêrmei de boaiemdelgong (en dus ek CO2-emissy) tsjin te gean. Domwei ferbiede is dus net nedich en ropt ûnnedige wjerstân op by de groep boeren dy't op dit moment op in positive wize wurkje oan de feangreideproblematyk. FNP wol wurkje fan ûnderop, dan moatte je de boeren stimulearje yn de ûntwikkeling dy't der al is en net wjerstân oproppe troch fan alles ferbiede te wollen.</p>	<p>Ferbiede is yndied eat dat minder goed past by de FNP. It is lykwols de fraach oft it allinnich mar maisbou tastean sunder grunbewurking oftwingber is.</p> <p>Alfernatyf soe wêze kinne dat wy it net ferbiede mar dan te sizzen maisbou sa folle as mooglik werom te bringen wêr't dat in negatyf effekt op de feangreide hat.</p>	<p>Ofwize</p>
<p>Side 7, regel 9</p>	<p>Auke Swart</p>		<p>Oanfolje mei: De stienmurd is in tanimmend probleem en in gefaar foar usgreidefugels.</p>		<p>Bestriiding is op dit stuit mooglik, mar moat</p>	<p>Oerstallich dus ofwize</p>

			Bestriiding moat mooglik wurde.		hiel goed underboud wurde. Ynstek fan it program is om bestriiding fan predatoren sa folle as mooglik te meitsjen.	
S 8, r 5	Ofsjitten Katten (Ate Eijer)	Alle war om ús greidefûgels te behâlden: it te foarren kommen fan it deameanen fan jonge greidfûgelpiken en de bestriding fan de predaasje moatte de heechste prioriteit krije.	Oanfulle mei: mar it ôfsjitten fan katten moat ferbean wurde.	Fryslân is mei Noard Brabân de ienigste provinsje yn Fryslân dy't it deasjitten fan katten foar beskerming fan fûgels tastiet. Neffens my is dit in stap te fier en ek tink ik dat it probleem net sa grut is as foarspegele wurdt. Ik tink dat fûgels folle mear lêst hawwe fan oare bisten sa as de foks en de stienmurd en it hieltiten lytser wurden fan it leefgebiet fan de fûgels. It oantal katten kin wol beheind wurde mar dêr binne ek oare oplossingen foar te finen. Bygelyks fange en dan sterilisearje. Mar boppe dat jo kinne net samar bisten deasjitten omdat dit foar in oar better útkomt. Dit dogge je gewoan net. Ek net omdat it nea dúdlik is oft it om in wylde kat of in húskat giet	Katten ofsjitte mei net. Fewylderde katten wol. Katten frette in prottte greidfûgels op (mear as foksen en stienmurden). Ferkeard sinjaal nei boer en greidefûgelbeskermers as kat frij út giet. Jagers kinne ferwylderde kat fan hús kat goed ûnderskiede. Net in protte gefallen bekend fan sketten húskatten. Wol alle war dwaan om	Ofwize

					njonken it sjitten fan katten te foarren te kommen dat katten ferwylderje (sterilisearje, kastrearje, tsjippe)	
Side 8, regel 10, tafoegje aksjepunt 6	Baukje Miedema		6) Inisjativen fan kollektiven om de biodiversiteit te befoarderjen wurde stipe. Bijgelyks: oanlis fan bijelinten, oanplant strewellehagen tusken greiden, oprjochting mienskiplike grientetún, griene dakken en muorren yn de stêd, ensfh.		lens, mar oerstallich. Is no ek al mooglik.	Oerstallich dus Ofwize
Side 13, aksjepunt 3	Termyn Foech Fryslân oer ûnderwiis Marten van der Veen	It foech oer de ynrjochting fan it ûnderwiis nei Fryslân foar 2023 It foech oer de ynrjochting fan it ûnderwiis sa gau as mooglik nei Fryslân.			Dit aksjepunt komt fan de 'Besinningsdei'. It wie de bedoeling om sa konkreet mooglik (mei termyn) oan te jaan wannear. 'Sa gau mooglik' kin ek betsjutte dat it pas 2030 wurdt.	Ofwize

Side 20, regel 9	Baukje Miedema	Tiny Houses op tsjillen	Tafoegje achter punt 4: Ek plak foar 'tiny houses' op tsjillen yn de doarpen		Net akkoard, tiny houses op tsjillen sil liede ta ferommeling en nije wenwein kampen.	Ofwize
Paragraaf 7, side 22, regel 9	Baukje Miedema		<p>Skrasse: en der draachflak foar is</p> <p>De hiele sin wurdt dan: Sinnepaniel-parken binne foar de FNP besprekber as de oanbelangjende mienskip hjir om freget, dêr draachflak foar is en de natuer net skeind wurdt. Sinnepanielen yn greiden is altiten skealik foar de biodiversiteit. Leaver earst sykje nei mooglikheden as it oerdakjen fan parkearplakken en al soksoartige plakken. Inisjativen út de mienskip wei foar in tal grutte sinneparken by de fleanbasis Ljouwert krije meiwurking fan de provinsje Fryslân.</p>		Net akkoart. Ut it eachpunt fan enerzjy binne allinnich panielen op dakken net foldwaande. Dat die ek bliken út it ûndersyk fan de TU Twinte. Wy hawwe der betrouwen yn dat de mienskip it natuer- en biodiversiteitsaspekt ek hifkje sil. Yn beskerme natuergebieten en greidfûgellân sille gjin sinnepanielen pleatst wurde.	Ofwize.